

Taal yn byld

Faak wurdt by de ferhâlding tusken film en literatuer tocht oan in boekferfilming. De wearde fan film foar literatuer giet lykwols folle fierder. Film kin ek bydrage oan de eftergrûnkennis fan in literêr wurk en oan de biografy fan in skriuwer. Dat jildt perfoarst ek foar Tsjêbbe Hettinga, fan wa't resintlik in hoemannichte byldmateriaal digitalisearre en beskreaun is.

Dichter Tsjêbbe Hettinga (1949-2013) wie ien fan de grutste literatoaren fan Fryslân. Him waard yn 2001 de Gysbert Japicxpriis takend foar de bondel *Fan oer see en fierder* (2000) en yn 2013 waard him postúm de Fryske Anjer takend, foar de ynternasjonale erkenning fan

Reservoir fan bylden

syn poëzy. Syn wurk is oerset yn it Hollânsk, Ingelsk, Dútsk, Frânsk en Spaansk. Hettinga waard yn de jierren 1970 literêr aktyf en droech by oan ferskate Fryske literêre tydskriften. Yn 1993 briek er ynternasjonaal troch mei syn optreden op de Frankfurter Buchmesse. Hy waard in wurdearre gast op literatuerfestivals yn binnen- en bûtenlân. Syn faak lange gedichten droech er foar op in kenmerkjende wize mei in soad gefoel foar klank, ritme en kadâns. It ynternasjonale publyk ferstie fansels gjin Frysk, mar waard oerfallen troch de libbene foardracht.

It grutte sukses fan Tsjêbbe Hettinga rûn min ofte mear lyk op mei de opkomst fan de cd yn de jierren njoggentich. Syn wurk is tige geskikt om nei te harkjen en dêrom binne syn

gedichten ek wol op cd útbrocht. By de twatalige bondel *Vreemde kusten/ Fijemde kusten* (1995) waard sels in cd taheakke. De konsumpsje fan syn poëzy hat yn dy sin in ferskowing fan lêzen nei harkjen trochmakke. Byldmateriaal is dêrby in wichtige oanfolling en fersterking op it belibjen fan syn wurk.

Filmmakker en regisseur Pieter Verhoeff makke yn 2006 foar de VPRO de dokumintêre *Yn dat sykjen sûnder finen* oer Tsjêbbe Hettinga. Verhoeff hat him dêrfoar yn 2004 en 2005 geregeld opsocht en sawol ynterviewd as observearjend filme. Oan de úteinlike dokumintêre mei in doer fan 50 minuten leit in skat oan rûch filmmateriaal te'n grûnslach. De 32 filmbantsjes (ûngefear 25 oeren) dy't Tresoar fan Verhoeff krigen hat, binne koartlyn by it Fries Film Archief digitalisearre en wiidweidich beskreaun. Dêrop komme ek kanten fan de dichter nei foaren dy't minder bekend binne, bygelyks oer syn jeugd, priveelibben, wurkwize en gearwurking mei en ferhâlding ta oare dichters. Sok materiaal is tige brûkber by it skriuwen fan bygelyks in biografy. Benammen nei it ferstjerren fan de dichter blykt it rûge materiaal in weardefolle boarne. Soan Piter koe ferline jier gebrûk meitsje fan it byldmateriaal foar

Tsjêbbe Hettinga draacht eigen fersen en gedichten fan Slauerhoff foar yn *De Koperen Tún yn Ljouwert* nei ôfrin fan in Slauerhoff-fytstocht yn 1998. (Tresoar)



Tsjêbbe Hettinga syn kenmerkjende foardrachtshâlding: de holle wat skean en de eagen ticht: 'dan giet it nei binnen'. (Fries Film Archief)

De dichter is yn de studio fan Omrop Fryslân foar opnamen. (Fries Film Archief)

syn dokumintêre *Heit*. It filmmateriaal ûnderstipet Hettinga syn wurk op in fisuele wize. In kanttekening dy't hjirby makke wurde moat, is dat Hettinga sels fisueel behindere wie. Der bestiet dus in spanningsfjild tusken wat de sjogger sjocht en wat Hettinga sels waarnommen hawwe moat. Syn sintúchlike waarnimming waard ek ferskate kearen oansnien troch Pieter Verhoeff. Troch in erflike eachsykte gie Hettinga syn fisueel fermogen hieltyd mear efterút. Hy prate los fan syn gedichten net graach oer syn blinens. It kaam wolris foar dat him yn in interview út in patetysk stânpunt wei nei syn blinens frege waard. Minsken tochten wol dat syn blinens, as foarm fan libbensleed, de boarne wie fan syn dichterskip – krekt as wurde dichters allinne mar ynspirearre troch ellinde. Dêr hie er in ôfkear fan: 'Dan fersmellest it ta in aberraasje, mar it is gewoan ûnderdiel fan it wêzen. En dêrút wei, wat de skriuwerij oanbelanget, wurkje ik.' Yn de petearen tusken Verhoeff en Hettinga wurdt de blinens mear út syn wurk en wurkwise wei besjoen. De ynsichten dy't dat opsmite oer bygelyks it ferbyldzjen, binne weardefol en soenen by it bestudearjen fan Hettinga syn oeuvre yn acht nommen wurde kinne. Syn waarnimming mei oare sintugen ferbylde hy yn tinzen. In soad fan dy ferbyldingen wienen basearre op syn oantinkens fan doe't hy noch wol sjen koe. Ek beskriuwingen fan oaren

droegen by oan dy byldfoarming. Yn ien fan de petearen mei Verhoeff joech er oan dreamerij en eigen ynterpretaasje hiel wichtich te finen yn in gedicht: 'it is in reservoir fan bylden'. It ferbyldzjende yn Hettinga syn gedichten is tige nijsgjirrich, om't ien him dêrmei yn it spanningsfjild tusken in bliene dichter en in sjende lêzer of harker bejout. It ynsjoch dat syn waarnimmen net primêr basearre is op sicht, kin dus fan belang wêze by de ynterpretaasje fan syn wurk. De filmbylden jouwe in goede yndruk fan de faktoaren dy't in rol spilen by Hettinga syn ferbyldzjen. Op it filmmateriaal is te sjen dat de fisuele beheining direkt ynfloed hie op it ta stân kommen fan syn wurk. It yn tinzen ûntstiene gedicht typte er streekrocht yn in tekstferwurkingsprogramma op syn kompjûter yn, of hy naam it earst op in lûdsbantsje op en typte it letter út. Om te kontrolearjen oft er gjin typflaters makke hie, liet er de spraakkompjûter de tekst foarlêze. Troch de spraakkompjûter de tekst ferskate kearen efterinoar werhelje te litten en dat sels lûdop nei te sizzen, learde hy syn gedichten fan bûten. Dat holp him ek om te fielen hoe't de tekst rûn en wat der eventueel wat klanken en ritme oanbelanget feroare wurde moast. Hjir docht út bliken dat Hettinga syn gedichten yn in bepaald opsicht as sekundêr orale literatuer sjoen wurde kinne: it waard skreaun mei de bedoeling om foardroegen te wurden.

Mei orale literatuer wurdt in mûnlinge utering mei literêre aspiraasje bedoeld. Foarbylden fan sokke 'teksten' binne folksferhalen en mearkes dy't fan generaasje op generaasje mûnling trochferteld waarden. Yn it filmmateriaal komt nei foaren dat Tsjêbbe Hettinga út in famylje fan ferhalefertellers komt en dat hy seit te witten yn in orale tradysje te stean. Hy is mei in soad taal opgroeid. Foar de feehannel dy't syn âlden bedreaunen, kaam der geregeld folk oer de flier. Dan kaam de flesse op tafel, 'meastal siet der ek noch wol wat yn', waard de pet ôfset, de tiid naam en waarden der ferhalen ferteld. Tsjêbbe typearre syn heit as in echte ferhaleferteller



Pieter Verhoeff hie sa'n 25 oeren oan rûch filmmateriaal oer Tsjêbbe Hettinga makke. (Tresoar)

Sjoerd de Vries en Tsjêbbe Hettinga by it portret dat de keunstner fan de dichter makke, Ljouwert, 2004. Fan alle Gysbert Japicxwinners wurdt in portret makke. De skilderijen hingje yn Tresoar. (Tresoar)





Tsjêbbe Hettinga lêst, fan papier, foar út eigen wurk yn de tún fan it eardere Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum yn Ljouwert by it evenemint Kunst op komst yn 1991. Under de belangstellenden is skriuwer en literatuerbesprekker Michaël Zeeman. (Tresoar)

mei gefoel foar taal. Ek foar skreaune taal hie heit Hettinga gefoel, sa't út in anekdoate bliken docht: op de balken yn de skuorre stienen sprekwurden en siswizen; yn it ljocht stienen de algemienere sprekwurden, mar yn de tsjustere hoeken fan de skuorre wienen de siswizen wat rouwer. It gefoel foar taal hie Tsjêbbe nei eigen sizzen dan ek fan syn heit. Taal wie hiel wichtich foar de dichter, hy omskreau it as 'in sykjen nei wat djipper yn dysels leit'.

Tsjêbbe Hettinga wie ek tige muzikaal en spile fertsjinstlik saksofoan yn de band Breed Freed. 'It spyljen yn de band, en



Tsjêbbe Hettinga is thús oan it wurk yn syn studearkeamer. Hy wurket mei de help fan in bânrecorder en in spraakkompjûter. (Fries Film Archief)

sawisa de muzyk, dat is myn nocht en wille.' Pieter Verhoeff hat opnamen makke fan it optreden 'Swing troch de nacht' fan dy band. Hettinga spile saksofoan en droech ferskillende gedichten foar dy't muzikaal begelaat waarden troch de band. Ek binne der filmbylden fan de tarieding dy't er mei de Angoleeske sjonger en perkusjonist Basile Maneka trof foar de foarstelling 'Het Lied, het Paard en de Dood'. Tsjêbbe Hettinga syn gefoel foar taal en muzyk kombinearre hy yn syn foardrachten. De ekspresje en krêft dy't er dêryn lei, wie tinkt my foar in part in gefolch fan syn blinens. De skriftlike poëzy waard fersterke troch foardracht troch Hettinga sels. In oar soe it net sa foardrage kinne as hy, eat dêr't hy him bewust fan wie en tige perfeksjonistysk op reagearre.

It byldmateriaal fan Pieter Verhoeff befettet in soad opnamen fan foardrachten en optredens. Dat is in weardefolle oanfolling op de studio-opnamen fan de foardrachten dy't op cd's útbrocht binne. Wichtich by orale literatuer is de ynteraksje mei it publyk, soks komt op de cd's net ta utering, mar yn it filmmateriaal wol. It filmmateriaal is perfoarst in tafoege wearde op Hettinga syn poëzy yn bondels en op cd. De muzyk fan de taal wurdt mei de filmopnamen yn byld brocht en troch de sichtbere ynteraksje mei it publyk is de dichter in performer wurden. <

Nienke Jet de Vries (Haaksbergen, 1990) hat de master Fryske letteren en kultueren oan de Ryksuniversiteit Grins folge. Se docht no de master Multilingualism oan de University Campus Fryslân. Yn har staaasje by Tresoar en it Fries Film Archief hâlde se har ferline jier dwaande mei de filmbantsjes fan Pieter Verhoeff oer Tsjêbbe Hettinga. Se is ien fan de inisjatyfnimmers fan Stifting Skanomodu, dy't it nije ynternettydskrift *Y-skrift Skanomodu* útjout, dat in podium biedt oan in nije generaasje Friezen dy't har belutsen fiele by en in miening ha oer it kulturele en maatskiplike libben yn Fryslân.